

No. D. 29 ¹⁰/₂₀


LJEAFDE SIKET LIST.



BLIJSPIL MEI SANG YN TRIJE
BIDRJUWEN.


Trêdde Printinge.

FRJENTSJER.
FIRMA T. TELENGA.



Uo. D. 29 ⁶⁰ —

LJEAFDE SIKET LIST.



Blijspil mei Sang yn trije Bidrjuwen.

Trêdde Printinge.



FRJENTSJER.
FIRMA T. TELENGA.



PERSOANEN.

Jan, *in wolsteld man.*

Martsen, *syn dochter.*


Harmen, *boer, broer fen Jan.*

Antsje, *syn wiif.*

Tet, *tsjinstfaem* }
Oeble, *feint* } *fen Harmen.*

Ljuwe, *frijer fen Tet.*

Klaeske, *bârwiif fen Jan.*



LJEAUFDE SIKET LIST.

BLIJSPIL MEI SANG YN TRIJE BIDRJUWEN.

FOARSTE BIDRJUW.

De wenkeamer fen Jan.

M a r t s e n, (*allinne*).

Nou krij 'k it joun rom om 'e hannen. Heit seil nei Harmenomme to praten en nou seil de nije bakker syn dochter hwet by my komme. (*Hja laket*). Mar 't seil wol op Harmenomme feint útdraije. De nije bakker is hjir foar trije wike komd; hy het sa'n great stelt fen in dochter yn 'e hûs, dêr hab ik al efkes kennis mei makke, mar heit ken hjar yette net. Dêrom ha 'k mar tsjin him sein, dat hja hjir komme scoe — hwent it wirdt Oeble yn frouljuesklean. Us bûrwiif Klaeske dy sit altyd op 'e útkyk, — dy moat ek fen 't spoar brocht wirde; hwent as hja der hwet fen mirk, dat Oeble hjir joun kaem, den hinge dat moarn oan 'e greate klok. Ik mei dy feint sa graech lije; mar heit wol net ha dat er by my komt, hwent in boerefeint is him to min.

J a n, (*komt op*).

Martsen, hest myn piip ek lizzen sjoen?

M a r t s e n.

Né. Mar heit moat nou ek nedich foart, net? 't Is al aerdich let. Harmenomme en hjarre ha lang al sitten to wachtsjen, dat kin 'k wol tinke.

J a n.

Ja, ljea, dat kin wol wêze; mar hwêr deale ha 'k nou
myn piip treaun?

M a r t s e n.

Heit is der ommers dalik en den seil omke wol in piip
for jo ha.

J a n.

Ja, mar ik moat mei de piip oan ta de doar út — en
ik wol dêr ek gjin lange strie yn 'e holle ha; — oars
reitse 'k út myn sintrum.

(Der wirdt by de bûtendoar „folk” roppen).

M a r t s e n.

Divelsk is 't! dêr 'k sa'n wird om siz.

J a n.

Fij, fanke! flok sa net. Dou witst wol, dêr mei
heit net oer. Dat giet sa oerhearriich. Mar hwa is der
foar?

M a r t s e n.

Dat seil Grytsje wol wêze, de bakkersdochter.

J a n, *(ropt)*.

Nou, jongfaem, kom mar yn!

O e b l e, *(yn frouljuesklean, mei de
kyps oer 'e eagen, praet mei
in foroare lûd).*

Joun jimme!

J a n.

Joun Grytsje! kom, dêr wiene jy al? Ik ha jo, leau
'k, yet net earder sjoen. Scoene jy yn ús doarp wenje
meije, hwet tinkt jo?

O e b l e, *(sitten geande op 'e stoel,
dy 't Martsen him wiist).*

Ja, dat seil wol gean.

M a r t s e n.

Hjir is de piip al, heit. Nou moatte jy mar gau op 'e
stap; it wirdt oars sa heislike let!

J a n.

Myn pet moat ik yet ha. Siikje dy gau, den kin ik wiles oanstekke. (*Hy stoppet de piip*).

M a r t s e n, (*fortrietlik*).

Nou de pet wer wei. Jy kinne ek noait fen 'e streek komme. (*Hja kriget de pet ûnder 'e tafel wei*). Nou, hjir is de pet ek al.

J a n.

Moai sa! Nou de piip yet oan, den bin 'k klear. (*Wyls 't er oanstekt*). Dou mast alle doarren mar op 'e skoattel dwaen. 't Is eigentlyk mar sahwet bitroud: gjin ien manminske yn 'e hûs, op 'e lette joun.

M a r t s e n.

Hwet scoe dat wêze? Grytsje en ik stean beide for in bytsje net.

J a n.

Goeden joun den! (*hy giet*).

K l a e s k e, (*komt op wyls 't Jan giet*).

't Is krekt oft jy der op út scille, bûrman. Jy komme ek werom, scoe men hoopje?

M a r t s e n, (*toar, sjucht likk*).

Ja, dy 't libbet komt werom. Heit scil mar efkes nei Harmenommes.

K l a e s k e, (*falt op in stoel del*).

Jawol, dat tocht ik hast al. Mar hwet ik sizze scoe: kinst my ek geriivje mei hwet peteroalje? Ik ha gjin drip mear; myn lampe wol útgean en 'k ha der neat gjin sin oan om by tsjuster yet alheel nei Pieter Mingeltse ta.

M a r t s e n.

Ja; kom, den scil 'k jo ús snip mar mei jaen, mei hwet der yn is.

K l a e s k e.

Ei ja, bern, doch dy mar tiid. Ik kin wol efkes wachtsje: de joun is yette lang.

(*Martsen giet nei de kas; Oeble nimt in boek dat op 'e tafel leit en lêst dêr yn mei de holle foardêl*).

Klaeske.

Hwet ik sizze scoe; ha jimme in útfenhûzer krige?

Martsen, (*mei de oaljesnip*).

Ja, Klaeske. Nou, dêr seil for jo joun wol genôch yn wêze.

Klaeske.

Mear as ik joun oprûk, fanke. Soa, jawol, den ha jim in útfenhûzer krige? Ik tocht al, dy jongfaem is my freamd.

Martsen.

Ja. 't Is bûtendoar frij hwet tsjuster, net Klaeske?

Klaeske.

Tige ljocht is 't net, fanke. (*Tsjin Oeble*). Né, ik ken jo net, jongfaem. Binne jy hjir hjoed komd?

Oeble, (*koartwei, wyls 't er drok yn 't boek blêddet*).

Ja.

Martsen.

Wol 'k jo efkes ta de doar útljochtsje, Klaeske?

Klaeske.

Ei né! fij né! sa'n spil net om my, fanke. (*Wer tsjin Oeble*). Jy binne dôch net in dochter fen Willem en Sjoukjen? Dy ken 'k oars tige bêst.

Oeble, (*sabeare oandachtich lêzende*).

Né.

Martsen.

't Is krekt oft hjir siicht. Ha jy de foardoar op stean litten, Klaeske?

Klaeske, (*opsteande*).

Nou, dat docht my gjin nij, fanke. Ik scoe der ek sa wer út. Nou, jimme útfenhûzer forpraet hjar net. Nou, it is ek sa mar: „wigen en dinken kan niemant kringen.” Dêr hald ik my ek oan. Nou, Martsen, ik seil de snip moarn wol efkes wer bringe. (*Hja giet hinne*).

Martsen.

Ja, dat is goed. (*Tsjin Oeble*). Fij, hwet in binaud

setsje, net? mei dat malle wiif. Ik wier yn tûzen noeden, dat se 't sjen scoe; hwent it is in divel yn 't koarn. En hja woe ek hast net wer foart. Hja het dy fêst rinnen sjoen en nou moast der in boadskipke makke wirde, om ris hichte to nimmen.

O e b l e.

Ja, ik wier ek al heislik yn 'e myt. Hie dat wiif hwet mirken, den hie de boel forkâlden wêst. Kom, nou moat dat binaude pakje mar út. (*Hy docht de frouljuesklean út.*)

M a r t s e n.

Jonge, jonge, hwet is 't in bidoeling, as 't sa moat. Ik wier niis ynwindich sa nidich as in spin op dat wiif — en as 'k nei dy seach koe 'k soms it laetsen hast net bitwinge, omdatst sa'n mâl bistek wierste.

O e b l e.

Nou, der wier my gjin laetsen om 't hert. Ik hie jimme heit ek net mear thús forwachte. Oars wier 'k hjir sa dryst net op ta roun, dat kinst wol bigripe.

M a r t s e n.

Ja, ik hie ek tocht dat heit wol earder ta de doar út wêze seild hie. Mar hy kin noait klear komme, as er foart seil. Hy het altyd in hele boel tûkelteamen. Mar hwaens gûd hest oan? Moaike hjarres?

O e b l e.

Ja, dêr het Tet my efkes oan holpen. Tet hjar klean passe my lang net. Dit koe sa bêst oars net?

M a r t s e n.

Ei jonge ja. In bline boer sjucht der neat fen.

O e b l e.

Dat seil wol sa útkomme.

M a r t s e n.

Kom, jonge, nou gean wy hwet yn 'e oare keamer sitten. Der kin nimmen ús biharkje en hjir wit men 't soms net. Dy Klaeske skat ik der neat to goed ta om hjir ris by de finsters om to strúnen. Tsjin 'e tiid dat heit

wer thús komt, kinne we hjir wer hinne gean. Bljuw hjir mar efkes, den seil ik dêr it spil gau hwet foarenoar bringe.

O e b l e.

Ja, dat is goed; mar formoesje nou, as 't jo bleaft, net tofolle tiid mei onnutte drokte.

M a r t s e n, (*hinne geande*).

Né wis net; it is dalik klear.

O e b l e, (*allinne*).

Hwet is 't al biroerd dat men 't sa slinende wei ha moat. It stiet my sels tsjin, dat ik hjir op sa'n glûpende falske menear yn 'e hûs komme mat. Mar op in finke, earlike menear wird ik hjir net talitten.

(*Hy sjongt* :)

Sa docht in frijer wol ris hwet,
Hwêrta 't er oars net kaem.

It skieden falt my fiers to swier
Fen sok in aerdich faem.

Dat 'k hjir net flinkwei komme mei
Leit oan hjar wille net.

Ik wit wol hwêr dat oan mankeart, } *twaris*.
Mar 'k siz it dêrom net.

Ik seach it mannich sneintojoun,
Dat yn in aedlik slot,
In feint troch 't keldersfinster kaem,
As wier 't in âlde rot.

Nou is dat keldersfinster flink
Mei roasterwirk biset.

Ik wit wol hwêrom dat sa kaem,
Mar 'k siz it dêrom net.

Men het faek yn 'e kiezers-tiid
In drokke frijerij

Om stimmen ; soms mei listich praet
En soms mei twang der by.

Sjen 'k den in sindling yn 'e baen
Fen moarns ier ta jouns let,
Den wit ik wol hwet dy bifljucht,
Mar 'k siz it dêrom net.

Faek frijt der ien mei nédrich praet,
In oar mei folle jaen ;

Mar meast is 't neat as eigenbaet,
Sa rynsk yen foar to dwaen.

Der wirde jamk op sa'n menear
In fanke fûken set.

Ik wit wol hwet der 't doel fen is,
Mar 'k siz it dêrom net.

IT GERDYN FALT.

OARDE BIDRJUW.

It milhûs fen boer Harmen.

T e t, (*allinne*).

„Elk hwet fen de stokfisfellen,” sei ús beppe altyd; mar sa seil 't hjir ek. De frou en hjar krije joun in prater en nou seil ik myn trekken ek waernimme. Ik krij joun ek in prater, dy 'k frijhwet ljeaver ha. Dy mei hjir op snjeuntojoun om 'e fjirtsien dagen komme en dat is oars tige bêst -- mar 't is my skraechwrik faek enôch. Sa'n binnenbeurtsje midden yn 'e wike der mei 'k sa stomme graech oer. Mar dat wirdt my strang forbean. „Yn 'e wike kinne wy mei de frijerij gjin gedoch ha,” seit ús frou den. — Mar as wy dat ris efkes lappe kinne sonder dat hja 't fornimt, den het se der ek gjin hinder fen. Sa tink ik der oer.

L j u w e, (*komt foarsichtig op*).

Is 't bitroud, Tet?

T e t, (*forheard*).

O, dou sleauwe koalle! hwet dochst hjir sa gau? Dou bist fiers to ier. 'k Hab ommers sein fen healwei achten.

L j u w e.

Net lilik wirde, Tet. 't Is al oer healwei achten.

T e t.

Lilik wirde? Hwa wirdt lilik? Mar dou moast dy sa lang forstitsen ha. Dy fordomde kearel, dy Jan, dy blijuwt sa stomme lang wei.

L j u w e.

Ja, wier 't net divelsk? Ik seoe yn 't herntsje — dêr stie de frou by 't fjûr. Do seoe 'k gau wer efterom gean

en wrachtich! dêr kaem de boer krekt oan. Do siet der oars neat op, ik moast disse wei út.

T e t.

Ja, nou, dou bist hjir nou al en dêr bin 'k ek wol mei yn 't skik, hwent:

(*Hja sjongt*):

Elk moat op 'e tiid mar fiskje,
Oars den sjiet er licht to koart.
Elk moat op syn angel lette
Honear oft er lûke moat.

't Giet mei my

En mei dy

As mei elk hjir op ús wrâldsje,
Dat is jong of dat is âldsje,
Hjoed hest byt, moarn is 't to let,
Den is 't fiskjen efter 't net.

L j u w e.

Tet, it mei ús nou wer barre.

't Is in bûtenkânske joun.

Tige scille we ús ek warre,

Hwent de tiid is gau forroun.

Leau mar fry

Dat ik dy

Tige for dit bearske tankje,
Mei in aerdich fleurich sangkje.
Joun is 't rom, moarn is 't to let,
Den is 't fiskjen efter 't net.

T e t.

Bliuw hjir mar efkes stean, den seil ik de frou wol út it herntsje prate. As ik lûd hoastje, kom den mar troch disse doar, oars rinst de frou flak yn 'e mûle, ha 'k soarch. Mar foarsichtich, hear! bidear de boel net. (*Hja giet hinne*).

L j u w e, (*allinne*).

Forbeane fruchten smeitse swiet, sa stiet er yn 't bikende liet en dat is ek sa. Hwet moat men der soms al hwet om weagje. Mar ik scoe disse joun for ik wit net ho folle net misse wolle.

(*Men heart Tet tige lûd hoastjen*).

L j u w e.

't Is klear, hear! (*Hy giet foarsichtich ta de onwiisde doar út, mar komt haestich werom*). Dêr wie 't nacht yn 'e nane; dêr wier de boer krekt.

(*Fen de oare kant heart men de frou roppen*: Bring de kofje mar op 'e tafel, Tet).

L j u w e, (*rint hinne en wer*).

Ik stean hjir op in min noemer, hear! Scoe men net koegels wirde? (*Wer heart men lûd hoastjen*).

L j u w e, (*forlegen*).

Ja, hoastje dou mar! Ik kin fen binaudheid wol hoastje. (*Hy rint fen de iene kant nei de oare*). Ik mei my wol efkes forstekke, hwent beide útgongen binne biset. (*Hy docht de kasdoar iepen en giet der yn*).

A n t s j e, (*mei in blédsje mei thégûd*).

Binn' je hjir, Harmen?

H a r m e n, (*mei twa lange pipen*).

Ja, hjir bin 'k. Jan bliuwt yet al wei.

(*Men heart Tet wer hoastjen*).

A n t s j e.

Ja, hy is altyd hwet lang fen biried. (*Tet komt op mei de kofjeboel. Hja sjucht nei alle kanten om hjar hinne*).

H a r m e n.

Hwet gekyp en geloer hest dou, Tet? It is krekt aste oan 't mûzjen biste.

T e t.

Dêr binne de katten for, boer en oars de fällen wol. Dy wirde langer sa skreep al makke, dat der is hast gjin útkommen oan.

H a r m e n.

Nou, pas dou den mar op, dat se dy net yn 'e fâlle krije; hwent den bist for 'e poes.

T e t.

Nou, ik bin net for 'e poes; sa net, boer. Ik miende dat hjir joun in prater komme scoe; mar 'k sjuch yet nimmen. Bljuwt er wei? (*Hja sjucht al wer om hjar hinne*).

A n t s j e.

Dit kopke dêr mist in hele hoeke út; dat stiet sa mâl. Tet, jou my efkes in oaren út de kas.

T e t.

Kom frou. (*Hja docht de kasdoar iepen, mar ek gau wer ta en hja sjucht forheard*). It komt my yn 't sin, dêr stiet yet ien yn 't herntsje op 'e tafel. Dat seil 'k gau krije; oars ha wy ek safolle yn 'e baen. (*Hja giet hinne*).

H a r m e n.

Nou ha 'k den dôch mar ljeafst, dat Jan net lang mear wei blijuwt. Wy moatte mar net to lang mei de kofje sitte to lipkjen. En in drankman is er alheel net. Hy woe ús sprekke oer 't ien en oar, sei er. Ik kin hast net bigripe hwer 't dat op útdraeije seil.

A n t s j e.

Ik ek net. Dat seil my ris binije.

T e t, (*mei in kopke*).

Sje sa, frou! dat seil better lykje, siz.

A n t s j e.

Hearink, Tet! de klontsjes hest yet net op 'e tafel. Dy stean yn 'e keamerskast.

T e t.

Och, scoe de frou dy net efkes krije wolle? Den seil ik gau ris ynpompe en in pear timpkes for de frou der oudraeije.

A n t s j e.

To den mar. (*Hja giet hinne*).

T e t.

Het de boer de smokerij goed foarenoar? Binne de lúsjefers-prikjes hjir al? Ik leau fen net.

H a r m e n, (*sjucht op 'e tafel om*).

Né, dy binne der net. Dou hest gelyk.

T e t.

Jonge, den moast de boer dy al gau efkes opsuffelje. Hja lizze yn 'e keamer op 'e skoarstienmantel, as ik 't wol ha.

H a r m e n.

Helje dou se mar gau; dou hest jonger skonken as ik; dou bist folle rêdder hinne en wer.

T e t.

O! hark my dat nou ris oan! Dêr mient de boer ommers neat fen! Jy kinne se sa mar krije, hja lizze klear en bleat op 'e skoarstienmantel. To mar! den seil ik de frou ek gau hwet tsiis snije. De frou is nou yn 'e keamer mei 't ljocht.

H a r m e n, (*giet opstean*).

Op 'e skoarstienmantel, seiste?

T e t.

Ei ja, op 'e skoarstienmantel. To gau nou, boer!

H a r m e n.

Hwet hest in gedrjuw; ik kin der yet wol komme.
(*Tet stiet al klear by de kas; mar as de boer foart giet komt de frou werom*).

T e t, (*mompeljend*).

Divelsk is 't! gek scoe men wirde!

A n t s j e.

Fij, hwet gietst der út. Hwet is 't nou wer?

T e t.

Ik miende dat ik my effen feeche, mar 't is sa net; it bislacht goed.

A n t s j e.

Fij, fanke! Ja, dy tsiis is mâlle hird. Mar hwêr seil de boer nou wer hinne?

T e t.

De boer sjucht om 'e oanstekkersprikjes; mar hy seil se wol wer net fine kinne. Het de frou se ek waeijen sjoen?

A n t s j e.

Ja, stil ris! Ik ha my forbielde, dat se yn 'e keamer op 'e mantel laeijen; mar stellich doar ik 't net sizze.

T e t.

Nou, den mei de frou wol ris mei sjen, oars wirdt it faek neat.

A n t s j e.

Ja, dat mei 'k wol dwaen. (*Hja seil foart; de boer komt werom*).

T e t, (*al wer by de kasdoar*).

Fordomd! 't is wer mis.

H a r m e n, (*mei in doaske lúsjefers*).

Né, 't is lang net mis; hjir binne se al. Hwet praetst dou fen al wer mis? (*Men heart immen by de doar*).

A n t s j e.

Tet, sjuch ris hwa der is. (*Tet giet hinne*).

H a r m e n.

Kom wy gean mar sitten; it seil Jan wol wêze.

J a n, (*komt yn. Tet nei him*).

Joun meienoar!

H a r m e n, A n t s j e.

Joun, Jan! — Nou, nim mar plak. (*Tet strúnt by de kas om*).

H a r m e n.

Jy toevden yet al hwet. Wy hiene al noed dat jy net kamen.

J a n.

Ei ja; mar men kin der den eigentlyk ek sa mar net útrinne. Grytsje, de nije bakker syn dochter, seoe joun sa lang hwet by ús Martsen wêze. Nou koe ik net foart gean ear 't hja der wie.

A n t s j e.

De nije bakker syn dochter siz je? Dy ken 'k yet net al foel ik oer hjar. Is Martsen dêr mei yn alyansje?

J a n.

Ja, dêr liket se kennis mei makke to hebben. Ik ken dy faem ek net; mar 't liket wol ien dêr 't net folle by sit; hja sei sahwet neat. In frominsk as in hynsder is 't.

A n t s j e.

Hea! ho komt Martsen der den sa gau by om sa'n ien oan to heljen? Ik hab der net op sind, mar Martsen hie ommers ek wol mei jo komme kind.

H a r m e n.

Ja, wrachtig! 't Is stom, dat gjin ien dêr om tocht het.

J a n.

Ja, dat hie oars heel bêst kind, tige bêst; mar ik woe nou joun ljeafst allinne by jimme wêze. Ik ha hwet te praten dat hja net hearre moat.

A n t s j e.

O! den foroaret it spil.

T e t, (*set in stoel foar de kas*).

Hea! 't is krekt as 't hjir rikt. 't Is hjir neat net fris.

H a r m e n.

Nou, dat knoffelst er sa min net út; it is hjir al hwet binaud.

T e t.

Ja, jimme hiene nou ek allike goed yn 'e keamer sitten gean kind. Dêr is 't folle rommer en dêr sit it sa fleurich!

A n t s j e.

Nou, ik ha dêr net op sind; mar 't hie de baes al wêst.

T e t.

Ja, de reek makket it hjir sa binaud, tinkt my. Nou, it is ommers ek mar in tataest, as wy de boel effen nei foaren bringe.

H a r m e n, (*giet opstean*).

Nou, to den mar!

Tet, (*glimket en pakt de kofjekanne beet*).

As elk hwet mei nimt, den is 't dalik ré.

Jan.

Ei, kom, kom! hwet drokte en geskrep scille jimme meitse? Den gean ik er ljeaver yn ienen út. Sitte wy hjir net goed? Dy greate romte kin my neat skele; it sit hjir smout en smûk en aerdich!

Antsje.

Nou, it is ek al in hele bulte gedoch, nou 't wy alles hjir earst gearbrocht ha. Set de kanne mar wer del, Tet; gean mar stil sitten, Harmen.

Tet, (*set de kanne del en mompelt*).

't Is allegearre donderjen! men scoe yen sels opfrette!

Harmen.

Hwet hest dou de hieltiid in mâl geflok fen 'e joun. Hwet is 't nou wer?

Tet.

Ei neat, boer!

Harmen.

Neat boer? Dat 's net wier; der is al hwet.

Tet.

Ik barnde my oan 'e kanne.

Antsje.

Dou scit ek wol ris yn 't herntsje sjen moatte, Tet.

Tet.

Ja frou, dat seil ik dwaen. (*Hja giet hinne en trjuwt de kasdoar goed ta*).

Harmen.

Kom Jan, nou de lange piip ris yn 'e lôge. Antsje, rik my de pipen ris oan . . . Moai sa! . . . Hjir stiet de tabak, Jan . . . Hwet scit nou?

Jan, (*het syn koarte piip ré*).

Ja, ik moat myn eigen smokerij ha, oars smakket it my net. As 'k mar hwet tabak fen dy ha, den bin 'k klear.

H a r m e n.

Hea! ik mei wol graech ris út in lange piip smoke.

A n t s j e.

't Is mar krekt sa 't men yen went, siz ik.

J a n.

Ja. Ik woe wol ris mei jimme prate oer Oeble, jimme feint. Dy het it op ús Martsen forsjoen en ik leau ek dat hja him wol lije mei.

H a r m e n.

Nou, ik kin fen Oeble oars net sizze as goed. Hwet sizze jy, Antsje.

A n t s j e.

Né. Hy is in alderbêst feint, dat hoeft net oars. Hy is hjir by ús as bern to hûs.

J a n.

Nou, it foldocht my, dat ik dat hearre mei. Ik hab oars sein, hy moast om sokke boadskippen net by úzes komme. Mar as 't it fanke hjar sin is, den is 't ek al slim tsjinkearen. Oar oansiik kriget se ek net; dêr seil se sels wol skild mei oan ha, tink ik.

H a r m e n.

Nou, ik scoe sizze, dou hoeft net op Oeble tsjin to wêzen.

A n t s j e.

Né. In bêst oppassend boerefeint is op 't lêst better as in boeresoan mei in hopen wyn yn 'e swipe — en oars neat wirdich.

H a r m e n.

Sa is 't. Oeble wennet hjir nou yn 't fyfte jier en hy het yn dy tiid al moai hwet fen syn lean oergarre, dat wit ik. As der nou al in boeresoan oankomt mei in great gouden ketting op 't festje en syn heit sit oan kop en earen ta yn 'e nearichheid: hwet is den bêst?

J a n.

Nou, dat moat net lykje. Al dy pronk en úterlike foarnamichheid dêr kin men tsjinwirdich tige mei bidragen

reitse. It bêste seil wol wêze, dat ik mar tawird jou, dat jimme feint om 'e fiertsien dagen by úzes komt.

A n t s j e.

Dat is grif it bêste. Hwent oars fine se der doch fen alles op út en komme to mûk licht folle faker by elkoar as men mient. En dat is in heislik wirk by my.

J a n.

Ja, mar sa is ús Martsen den oars net; hja wol hjar heel wol fen my sizze litte.

A n t s j e.

Nou, as 't jongfolk dy jierren het, bin 'k er wol foar, dat men se hwet frij jout. It hoeft dêrom net oer 'e meuch to gean. Mei ús Tet ha 'k it ek foart sa steld, do 't wy hjar woanen; ik sei: ast in feint oan 'e hân heste, dy kin yn 't fetsoenlike om 'e fiertsien dagen by dy komme; mar twisken tiden yn 'e wike wol 'k mei dy frijerij gjin gedoch ha. Dat akkoart het se oannomd en hja komt it ek tige bêst nei.

J a n.

Nou, ik siz 't ek: oarder en regel is better as in hopen gefiter, dêr 't men neat fen wys wirdt.

T e t, (*komt yn en loert wer nei de kas*).

Frou, moat der ek yet hwet fjûr onder 'e kofje? Of is der ek oars hwet brek? (*De mânljue prate togearre stil*).

A n t s j e.

Né, de boel moat mar fen 'e tafel ou, den kinn' we in slokje krije. De fesse mei bramboaskes stiet yn 'e keamer op 'e tafel en de romers stean hjir yn 'e kas. Dy seil ik wol efkes krije. Bring dou disse boel mar yn 't herntsje.

T e t.

Ei né, frou, blijuw mar stil sitten; ik seil 't wol gau foarenoar bringe. De frou moat joun hjar gemak mar ris nimme; dêr ha 'k it op oanlein.

A n t s j e, (*laeitsende*).

Nou, to den mar. Den seil 'k joun mar ris beare dat it my op neat oankomt.

J a n.

Jy ha gelyk, Antsje; dy 't langst libbet kriget it dôch allegearre.

T e t, (*fen siden*).

Ja, ik woe datst mar ousakkeste.

A n t s j e.

Hwet is 't, Tet?

T e t, (*wrjuut op 't mês om*).

Ei, dit meske rusket sa, sei 'k.

A n t s j e.

Ja, hja moatte ris goed troch 'e hannen.

T e t.

Jonge frou, wol ik de nije romerkes út de pronkkeamer krije? Den kin Jan-om dy ek ris biwonderje.

A n t s j e.

Dat is my oars noedlik 'e nôch. Mar pas den mar op en knoffelje se my net. (*Tet bringt de kofjeboel foart, mar lit ien thékopke stean, by forsin, sabearre*).

A n t s j e.

Kin Martsen 't allinne sahwet neikomme, Jan?

J a n.

Ja, dat giet bêst. Hja is tige rêdsum moatte jy tinke, en ús bûrljues fanke helpt hjar wol gau ris in hân.

H a r m e n.

Nou, den kin 't wol gean; jimme húshâlding is lyts en drokte mei effearen het se net.

T e t, (*bringt fesse en romers op 'e tafel*).

Nou, frou, dêr ha je de grap. Nou is 't oan 't ynnimmen ta. Ho 't jimme ynnimme moatte witte jimme wol; dêrfor hoeft er gjin briefke oan wol? „Gebruik als foaren”, dat 's fen sels. Dat rêdt him al.

A n t s j e.

Hwet is 't wer raer! Nou kom, ik seil mar ris opperste skinker wêze; dy gyng it goed ou, net?

T e t.

Ja frou; de bakker waerd ophinge, om 't er forgif yn 't iten moezze hie.

A n t s j e.

Nou Tet, ast ek hwet ha wotte, den mast in romer út disse kas krije; ien fen 'e âlde.

T e t.

Ei frou, ik hoef gjin romer; jou 't my mar yn dit kopke. Ik mei 't altyd wol, al is 't ek út in nije p . . .

A n t s j e, (*falt hjar yn 'e reden*).

Nou, nou: lit dat oare mar bynefter.

J a n.

Tet wit hjar wol to rêdden.

T e t.

Ja, Jan-om, men moat mar noait forlegen wêze, al ho bryk it der soms ek foarstiet.

H a r m e n, (*laitsende*).

Tink om 'e mûzefâllen, Tet!

T e t.

Dêr seil ik sa licht net yn krûpe, boer.

A n t s j e.

Ho is jou nije kas útfallen, Jan?

J a n.

Tige nei 't sin. Oeh, it is sa'n moaijen. 't Is suver in spiegel, sa glêd is er.

T e t.

Sa moasten de frou en hjarre ek ris ta de bûse. Der is yet krekt in plak for yn 'e moaije keamer.

A n t s j e.

Dou praetst hwet. Dat moadrige gûd is ús fiers to djûr.

J a n.

Men kriget sa'n ding net for moai sjen; der kin elk mar grif steat op meitse.

H a r m e n.

Nou, dat leau ik op slach. Né, wy moatte 't der mar bûten rêdde.

A n t s j e.

Ik scoe der oars wol tige greatsk mei wêze. Mar och, wy hadde ús geriif wol en hwet wol men op 't lêst ek al mear? Disse kas hjir berget ek skoan hwet. Och, och, dêr kin sa'n gûd yn. To Tet, doch him ris iepen.

T e t, (*laitsende*).

O né, frou! Jan-om moat ús kasten net trochnoazje; hy mocht de frou ris tige priizgje en den bin 'k bang dat hjir noait sa 'n moaije nije kas komme scil. Dêr ha 'k oars yet wol moed op. To, Jan-om! help jy ek hwet mei! De boer moat út 'e hoeke.

J a n.

Ei nou, ik wol 't jimme net ouriede. Ik bin der sels ek ta oergien.

T e t.

Moai sa, Jan-om! sa mei 'k jo lije.

A n t s j e, (*laitsende*).

As hieste sels bilang by sa'n kas, Tet, den hoofde 't net oars; sa moai bileiste 't.

H a r m e n.

Ja, hja pleitet as in abbekaet.

T e t.

Nou boer, ik wol jo 't fel net oer 'e nekke helje, lyk as dy mannen wol ris dogge, nei 't der fen sein wirdt. (*Glimkjend*). Mar ik ha dôch al hwet mei myn pleitsjen woan.

A n t s j e.

Né, fanke, sa fier is 't yet net.

T e t.

Nou, ik leau it dôch, frou!

J a n.

Ik moat wol wer nei hûs. Wolle jimme togearre net

mei oan úzes ta kuijerje? Ik kin my jouns by tsjuster net onfoech mear rêdde. Den kin jim de nije kas ek ris bisjen.

H a r m e n.

Nou, dat kinne wy wol effen dwaen.

A n t s j e.

Ja, Harmen kin wol efkes mei gean; mar ik ha der gjin sin oan om sa let troch de jounloft.

T e t.

Hwet praet de frou fen let? 't Is waer as side en 't is stjerhelder. Jy kinne der sa goed wol tsjin as mannich jongfaem. It is ommers ek mar in stapmannich. Set myn hûdsje mar efkes op. Ik seil de boel wiles wol wei rêdde. Oerdei komt de frou der ek noait oergear. En ik bin der hjit op, dat jimme Jan-om syn nije kas komme to sjen.

J a n.

Ik hâld 't der for Tet, dou tinkst for dy sels ek al om in kas.

T e t, (*laeitsende*).

Nou Jan-om, dêr siz jy hwet, dat is lang net mis. Ik siz 't jo, dat ik om in kas tink!

H a r m e n.

Min kin hjar praetsjes net folle acht slaen.

J a n.

Kom, ik seil myn romerke leech nimme en den moat ik der mat út. Nou, jimme gean efkes mei, net?

A n t s j e.

To den mar. Bigjin dou wiles to oprêdden, Tet; wy binne op slach werom.

J a n.

Nou, goeden joun, Tet.

T e t.

Joun, Jan! Wol thús! De groetenisse oan Martsen!
(*Jan, Harmen en Antsje ôf*).

L j u w e, (*ropt yn 'e kas*).

Wol 'k der nou mar út komme?

T e t, (*hoannich*).

Hâld de bek, juh! Hja binne yet net ienris goed ta de doar út. Dou hoefst nou sa haestich net to wêzen; ik seil 't dy wol sizze as 't tiid is. (*Men heart de bûtendoar ta dwaen. Tet docht de kas iepen*). De joun is for ús nou dôch neat mear wirdich.

L j u w e, (*komt út 'e kas, tige swart om 'e holle*).

Och, myn ljeave Tet! hwet bin ik bliid dat 'k der wer út bin. Ik ha swit as in turfgraver.

T e t, (*nidich*).

Dat moast biwarre ha, juh; dat is jild wirdich.

L j u w e.

Fij, dat mienst net, Tet! (*Hy wol hjar beet krije*).

T e t, (*wart him ou*).

Hou, hou hwet; de hannen thús siz ik dy. Sjuch ris yn 'e spegel. Al wiest de divel sels, den hoefde 't net oars.

L j u w e, (*sjucht yn 'e spegel*).

Goede ginst noch ta! ho kom ik dêr oan! Ho ha 'k dat hawn, seiste?

T e t.

Dou hest dy fêst mei de kachgelfodde om 'e holle aeid; oars kin 'k it net bigripe. Dat gûd ha 'k dêr neimiddei mar gau deltreun.

L j u w e, (*bisjucht syn hannen*).

't Scil sa wol wêze. It swit briek my ta alles út; ik fage my mei de bûsdoek, mar dy ontfoel my. Do ha 'k by forsin de kachgelfodde pakt, dat 's grif! (*Hy hellet in smoarge flarde út 'e bûse*). Den leit myn doek dêr yette. (*Hy giet efkes yn 'e kas en komt mei de doek werom*). Dêr ha 'k him al.

T e t.

It rint joun allegearre allike mâl.

L j u w e.

Nou, wy wolle der mar net swier oer tille; lit ús ris sjonge.

(Hy sjongt):

Tet, dit wier in skriele joun,
 Mar hie de âlde my hjir foun,
 Grif hie 'k op myn baeitsje krige
 En ik wier forkeard bitige.
 En fensels wie 't einbislút: }
 Skandlik ta de doarren út. } *tvaris.*

T e t.

Ljuwe, 't is dyn eigen skild.
 Ha tonei wat mear gedild.
 Mar dou bist, as alle mânljue,
 Net birmekne tsjin 'e frouljue.
 As men op yens tellen past,
 Hoeft men ek net yn 'e kas.

T o g e a r r e, (*tsjin elkoar*).

Ljuwe, 'k }
 Tet, ik } wol dy dit wol sizze:
 Wost tonei sok ding bilizze,
 Wês den mar sa haestich net
 Den wirdt alles better redt.
 As men op yens tellen past,
 Hoeft men lang net yn 'e kas.

L j u w e.

Tet, dou kinst der gâns fen sizze,
 En op my de skild wol lizze.
 't Is dy meiroan disse joun,
 Oars hiest ek dyn leantsje foun.
 En al kaemst net yn 'e kas,
 Grif wiest hjir de doar út krast.

T e t.

Gean nou mar nei 't herntsje en waskje dy hwet. Ik scil dalik de fesse wol meinimme.

L j u w e.

Ja, mar 'k ha dy ljeaver. (*Hy wol hjar beet krije*).

T e t.

Hâld dyn smoarge hannen fen my ôf. Gean hjir wei, earst wer yn 'e kas maste. Den koe 't dy wol ris minder ôfgean. (*Ljuwe giet hinne*).

T e t, (*allinne*).

Hwet bin ik bliid dat de boer en de frou der efkes út binne; oars wier 't noait goed ôfroan en den hie der hwet waeid fen bilang! Kom, wy moatte mar gau de skea wer ynhelje. (*Hja giet hinne*).

IT GERDYN FALT.

TRÊDDE BIDRJUW.

It selde toaniel as yn 't foarste Bidrjuw.

M a r t s e n en O e b l e, (*komme op*).

O e b l e.

Nou, myn bêste! ik seil myn pakje mar wer oantsjen moatte. Jimme heit is fêst gau thús to wachtsjen. En ik doar ek net earder foart. (*Hy tsjucht de frouljuesklean wer oan; Martsen helpt him*).

M a r t s e n.

Ja, sa moat it mar. Dou kinst net earder foart. As heit my allinne thús foun den stie 't net bêst.

O e b l e.

Hwet is 't al in bidoeling as 't sa moat. Ik moat der wol om laeitse.

M a r t s e n.

Ja jonge, hald mar moed. Der scille yet wol ris oare tiden komme, wolle wy hoopje. Heit seil yet wol ris tajaen. Hy is oars sa kwea net, mar soms hwet sinnich.

O e b l e.

Hark! dêr is er wrachtich al!

M a r t s e n.

Hearink! de doar stiet ek yet los. Pas nou op dyn tellen, den kinst op slach foart komme. (*Hja harket by de doar*). O, ljeave sauntsien en gjin ein! hwet scille wy nou ha?

J a n, (*efter de skermen*).

Nou, kom mar Harmen. Jimme kenne 't paed wol fine, net?

(*Jan, Harmen en Antsje komme yn. Oeble is hwet efterou sitten gien*).

A n t s j e.

Joun, Martsen! dêr binne wy yet op 'e lette joun.

M a r t s e n, (*fen 'e wîze*).

Joun mei enoar! Nou, nou! hwa hie dat tocht? Men scoe 't net sizze! sokke âlde ljue sa let yet op 'e strún.

H a r m e n.

Dat is sa mar hird opkomd, fanke. Jimme heit woe wol selskip ha by tsjuster en den koene wy mei-ien de nije kas ris bisjen, tocht ús. Deis komt men dêr net oan ta. Sa wier 't nou eigentlyk.

M a r t s e n.

Nou, den kin heit omke en hjarre de kas wol efkes sjen litte, den bring ik Grytsje ta de doar út.

A n t s j e.

Hearink noch ta! ik seach jou net ienris, Grytsje! Jy sitte ek sa yn 't tsjuster en jy ha de kypsa op 'e noas dat . . . stom noch ta! dat húdsje is alheel allyk as mines. It selde lint en ek sa'n blomke. Men scoe der opswarre! (*Hja kriget de kypsa yn 'e hân*). Súver it selde!

H a r m e n, (*sjucht Oeble goed oan*).

Mar ho divel ha 'k it nou? Bist dou it, Oeble?

M a r t s e n, (*mei de hânnen foar de eagen, fâlt op in stoel del*).

O, frede en gjin ein! Nou bin 'k er glêd yn wei!

J a n, (*lilk*).

Diveker fanke! fharde, datste biste! hwet bidraechst dou dyn heit! Och, och! wier 'k mar net foart gien!

M a r t s e n, (*giet opstean en kriget Jan by de hân*).

Och, myn goede heit! jy moatte 't my net sa kwea oanrekkenje. Wy moasten wol hwet útfine, om 't jy der sa tsjin wieren.

J a n.

Just dêrom woe 'k ha, scoest sok ding net dwaen, deales fanke!

H a r m e n.

Nou, broer Jan, my tinkt dou mast dit nou mar troch 'e fingers sjen en den mast tastean, dat Oeble hjir om 'e fjirtsien dagen by Martsen komt. Dat liket my it bêste ta.

A n t s j e.

Ja, dat tinkt my ek. Hja binne elkoar wol wirdich.

J a n.

Ik mei der abslút net oer om sa bidragen to wirden -- en dat fen yens eigen bern! Mar 't seil der op 't lêst dôch wol hinne moatte, dat ik tajou; dat kry 'k yn 'e rekken, hwent hja binne my to liep. En dan ha 'k yette mar ljeaver dat it flink hân foar foet giet, as sa slûkjende wize. Den moat ik it yn 'e goedichheid mar ynskikke.

H a r m e n.

Moai sa! Nou Oeble, dou hearst it. Kom, nou dy frouljuesboel mar út; dat jout sa'n mâlle fortoaning.

(*Oeble docht de frouljuesklean út*).

A n t s j e, (*slop fen laeitsen*).

Hearink noch ta! myn jak ek, mei de nije foarpannen; hwet is 't bryk! Scoe men net dea forlegen wirde? Jan sei al: dy nije bakkersdochter sei hast neat -- en dat wier sa'n great onbihouwen frominsk. Dat wol 'k wrachtich wol leauwe! ha, ha, ha!

M a r t s e n, (*tsjin Jan*).

Heit, ik bin der jo tankber foar, dat jy 't sa goed nimme en ik hoopje 't kwea fen disse joun wer dûbeld goed to meitsen. Hwet seist dou, Oeble.

O e b l e.

Ja, ik bin tige bêst tofreden. Ik hab út myn aerd ek in tsjinnichheid yn dingen dy 't gjin ljocht fordrage kinne.

J a n.

Ja, dat wol 'k heel wol leauwe; dat past dy nou to sizzen. Mar dou hiest oars in tige ourekken fortsjinne.

H a r m e n.

Nou, 't is goed dat it sa mar útpakt is. Hwent dêr 't

de ljeafde ienkear wirtel sketten het, lit se hjar net sa maklik wer útroegje. Kom, in sangkje! to mar.

(*Hja sjonge allegearre, bihalven Jan.*)


Men moat by frijerijen
 Hwet oer 'e holle sjen.
 't Is altyd net to krijen
 Sa 't wêze moat en kin,
 Al is men wakker hoeden;
 Dat het al follen mist.
 By kweaden en by goeden
 Dêr siket ljeafde list. (*Twaris*).

J a n.

Men moat yens âlden earje,
 Ek yn 'e frijerij
 En graech hjar ried bigearje,
 Onthâld dit mar fen my.
 Ho mannichien op ierde
 Het troch de ljeafdelist
 En troch forkearde rieden
 It rjuchte paedsje mist.

A l l e g e a r r e.

Farwol nou, goede frjeunen!
 Wy habbe ús wirk oan 't ein,
 En hoopje dat jim sizze:
 't Is tige bêst bislein.
 En joech 't oan allegearre
 In joun fen wille en nocht,
 Den is ús moeite leanne
 En ek ús winsk folbrocht.



fb 21 44

Printer hjirfen het ek útjown :

Smids Feikje of Rjuerdoms testemint (<i>Oarde Printinge</i>)	. f0,75
Wikje Kar	- 0,75
Jetske de Wees (<i>Oarde Printinge</i>)	- 0,90
Hwa is yens neiste	- 0,80
De Jildstumper	- 0,75
Omke Wiberen en syn erfgenamen	- 0,90
Sjirk Walles of de Keningspriis fen it Keatsen	- 0,60
Lubbert Erchtink (<i>Trêdde Printinge</i>)	- 0,50
Rabbery beskamme en woldwaen beleanne (<i>Oarde Printinge</i>)	- 0,30
Trye jierren letter of Levi Smoel de Lotteryjoad (<i>Oarde Printinge</i>)	- 0,30
De Utdragerswinkel (<i>Fjirde Printinge</i>)	- 0,30
De âlde Jas (<i>Saunde Printinge</i>)	- 0,40
Sokke mar mear (<i>Fjirde Printinge</i>)	- 0,30
In neef út Amerika (<i>Oarde Printinge</i>)	- 0,30
In faem en in arbeidster by Keapman Watze (<i>Fjirde Printinge</i>)	- 0,30
De Keartlidster fen Gritsebûrren (<i>Trêdde Printinge</i>)	- 0,30
Troch 't tsjoede ta 't goede	- 0,60
Riucht en sliucht of oars om	- 0,40
Mâl út, Mâl thús (<i>Fyfte Printinge</i>)	- 0,40
De Skinke of de Skelm yn 'e knip	- 0,25
Thomes en Tsiamke (<i>Trêdde Printinge</i>)	- 0,30
It wiif út to arbeidsjen (<i>Oarde Printinge</i>)	- 0,30
De Timmerman van Roosdorp	- 0,50
Pier en Pierkje (<i>Oarde Printinge</i>)	- 0,30
De Wiersizzer fen Nergenshusen	- 0,25
Lubbert of de mislokte moart (<i>Trêdde Printinge</i>)	- 0,30
In âlde rot yn 'e falle (<i>Trêdde Printinge</i>)	- 0,30
Sabeare Dronken (<i>Oarde Printinge</i>)	- 0,30
Kees Moster (<i>Trêdde Printinge</i>)	- 0,30
Nanneboer en Master Slim (<i>Oarde Printinge</i>)	- 0,30
Omke Jild	- 0,30
Solke mei de baergefoetsjes (<i>Trêdde Printinge</i>)	- 0,30
Sabeare Dokter (<i>Trêdde Printinge</i>)	- 0,30
Ljeafde siket list (<i>Trêdde Printinge</i>)	- 0,30
It Tsiende Gebod (<i>Fjirde Printinge</i>)	- 0,25
It Bistelhûs fen Frou Sweal (<i>Oarde Printinge</i>)	- 0,50
De Boer by de Divelbander (Bije-koer 1864)	- 0,30
De gearjeft fen Beitske en Japik (" " 1878)	- 0,30
Ljeafde en frjeunskip (" " 1880)	- 0,30
De Skippersfeint en de Jiffer (" " 1887)	- 0,30
De Bûtertonne (" " 1888)	- 0,30
In hûs nei 't sin (" " 1894)	- 0,30